


Maitiid

tekst en muzyk: Geartsje Douma



Kea - le beam - men wur - de grien. Jon - ge plant - sjes groei - e.
Yn 'e tu - nen komt wer kleur; mai - tiids - blom - men bloei - e.

2 Djerreblomkes by de sleat,
kikkerdril yn 't wetter.
Einen sitte inoar nei
mei in soad gespetter.

3 Futen swimme yn 'e feart,
op 'e rêch sitt' jongen.
Fûgels binne yn 'e beam
foar ús oan it sjongen.

4 Lekker boartsje bûtendoar
yn 'e maitiidssinne.
'k Bin sa bliid, it is sa moai,
oeral om my hinne.

Suggestjes:

- Ut de gefoelens fan blydskip en ferwûndering wei oer de moaie natuer, oanslute by it skeppingsferhaal.
- Besykje om bern leafde foar de natuer by te bringen. Bern foarljibe en leare om sunich te wêzen mei de natuer.
- Bern bisten en blommen fersoargje litte.
- Maitiidstakken en maitiidsblommen yn 'e faas dwaan en it bloeien en groeien folgje.
- Blombollen plantsje en it groeien folgje.
- In maitiidskuier meitsje en beammen, blommen en bisten besjen.
- Tekenje, skilderje, nifelje en prate oer de maitiid.